

Bêste kriteleden,

Sa is de simmer al wer in hiel stik hinne en wat sille wy der fan sizze ?

Ik sjoch nei myn kampke gers efter yn 'e tún en ik tink: O, de frucht fan it lân ! Hoe komt it ? Dat is myn boere-aard moat men mar tinke. Mar wat in sierlik waar, net ? Wol wat droech, mar hearlik om te fytsen of op reis te gean.


Profitearje derfan, it kin no noch en de waargoaden kinne it dochs net elkenien nei 't sin meitsje.

Wy ha in moaie jûn hân mei de hear Landman fan de dieretún yn Emmen. It trunet my oan om der wer ris hinne te gean.

Us folgjende jûn is yn oktober. In toanielploech fan Drachten komt. Foar 't skoft mei in ienakter en dêrnei met koarte Fryske ferhalen. Mear ynformaasje komt te stean yn it kritekrantsje fan septimber.

Noch goeie dagen tawinske en oant sjen.

Geecke Sybesma



**De redaksje winsket alle leden - stipers en
advertearders moaie simmerske
dagen ta !**

It telefoangesprek



Noflik siet ik mei 'n hantwurkje en in bakje kofje mei 'n koekje. De televyzje oan. Jan Jaap van der Wal wie mei syn stambeam dwaande. Ik ha van der Wals yn 'e famylje, mar dit gong oer syn mem. De telefoan gie. Ik fleach op en goaide it hantwurkspul op 't tafeltsje neist my. It

telefoanpetear skriuw ik yn 't Frysk, mar it wie yn 't Hollânsk.

"Mei frou Boersma"

"Ja, frou Boersma, no ha 'k wat foar jo, dat kinne jo net ôfslaan. Dit is sa'n bysûndere oanbieding, dy komt mar ienkear yn jo libben . "

It wie in 'schoonheidsbehandeling' . En de frou oan 'e telefoan rattele mar troch. Ik krige der gjin spjelde tusken. Op 't lêst raasde ik troch de telefoan "Hâld efkes op" .

It waard stil. Ik sei: "Wat jo my oansmarre wolle is net op my fan tapassing."

"Mar mefrou ! Eltse frou wol der dochs moai útsjen en de man bekoare ". Itselde ferhaal.

Ik sei: "Ja, dat bin ik mei jo iens. Mar.... ik bin al sa moai.

Moaier kin net ! "

Stil wie se. Ik werom nei myn plak. De nulle wie fuort. Pas in wike letter fûn ik him (har ?) wer werom.

Yps Boersma

Hjoed

Hjoed is de brêge
tusken juster en moarn
dêrûnder streamen
de weagen fan 'e tiid
nei it ferline
mar gau nei d'oare kant,
de takomst wachtet net.

Hedzer.T. Hooijenga



- geklommen handmatige kroonverzorging
- geklommen machinale kroonverzorging
- kroonverzorging m.b.v. hoogwerker
- VTA en IBA inspectie
- geklommen afbreken van bomen en gecontroleerd afvangen van top en takken
- afbreken van bomen m.b.v. hoogwerker en gecontroleerd afvangen van top en takken
- standaard en zware velling
- moeilijke velling m.b.v. stuurlijnen en treklijnen
- verkoop duurzaam gedroogd haardhout

als het werk in en rond uw bomen u boven het hoofd
groeit.....

foar ynformaasje of in ôfspraak:

C.G. (Kees) van der Velde

Visserstraat 40, 7871PR KLIJNDIJK

0591-513445

info@fjildwurk.nl

www.fjildwurk.nl

Oer in bok



De geitefokferiening fan Bontebok
 hie mei har bok net folle gelok
 Hy waard kerbintich, stram en stiif,
 soks jout foar 't fokken ûngerief.
 Want wol men goed mei geiten fokke,
 moat men dat dwaan mei bêste bokken.

't Bestjoer hat doe op 't lêst besletten:

wy sille in advertinsje sette
 en freegje sa in bêste bok,
 wa wit ha wy dêrmei gelok.

It wie in tige bêste aksje,
 fan alle kanten kaam reaksje;
 út Boksum, Jistrum en Ternaard,
 mar ek út Makkum en Wytgaard .

't Waard in hiele útsikerij,
 papieren en alles gie men nei,
 mar se hiene op 't lêst dochs 'iensgesind'
 it saakje yn kalk en yn semint.

De foarsitter sei doe tsjin de leden:

"Wy binn' der út en bêst tefreden;
 wy ha al dy bokken goed besjoen,
 mar ha no in hiele bêste fûn".

Sadat foar 't algemiene nut
 de bok fan Bokwert hjir bok wurdt.

Mar 'k wol noch sizze: " 't Kin net gekker,
 de bok syn namme is 'Black en Dekker' "!

Doeke Midema Burgum

Schrage



Bloemen & Kadoshop

- * Bloemen
- * Planten
- * Bloemstukjes
- * Plantenbakken
- * Potten
- * Glaswerk
- * Kado's
- * Enz. enz. enz.

Friesestraat 21
 7741 GR Coevorden
 Tel: 0524 51 28 94

Tiid

De tiid giet fierste hurd,
wy hâlde him net by;
mar dochs ha wy sa'n nocht
oan tiidferdriuwerij

Atze Bosch

Ferslach fan de jierlikse gearkomste fan de krite fan Diel Noard fan it Frysk Boun om Utens yn kafee 'De Beurs' yn Meppel op moandei 18 april 2011.

De foarsitter fan de krite fan Meppel, de hear Ludzer v.d. Schors, kin 7 persoanen wolkom hjitte.

Fan de krite fan Assen binne dat frou Ren de Poel en de hear Anne Veenstra, fan de krite fan Swol de hearen Jan Bosgraaf en Jan Tjerk Kuipers en fan de krite fan Súdeast- Drinte de froulju Greta Lammers en Fimke v.d. Meulen en de hear Anne Tuiten. De krite fan Roan is der net. It ferslach wurdt makke troch de skriuwer fan de krite fan Meppel, de hear Romke Egbers.

De neikommende punten komme oan 'e oarder:

- Der wurdt fan it Boun út omtinken frege foar it wykein op Skylge fan 14 oant 16 oktober 2011.
- Ek it kaderwykein yn 2012 komt oan 'e oarder. Der wurdt frege hjir yn de krite omtinken oan te jaan en mooglik ûnderwerpen oan te dragen.
- Op 12 maaie (foar de ien âlde, foar de oar nije maaie) 2012 is wer de twajierlikse boattocht yn Fryslân, organisearre troch de krite fan Assen. Kosten om 'e € 45,-- hinne.
- Yn 2013 sil der wer in Friezedei wêze. De lêste wie yn 2008 yn Swol en wie in grut súkses. Men wol yn 2013 ris wat oars, bygelyks in boattocht fan Arnhem út op de Ryn. De oanwêzigen fine in boattocht prima, mar wêrom net yn Fryslân, freegje se har ôf.

Dan komt de evaluaasje fan it ôfrûne winterskoft oan 'e oarder.

Meppel beleit trije en de oaren sa'n fiif of seis jûnen. Underfinings mei de ferskate artysten en groepen dy't by de krite optreden ha, wurde útwiksele.

Ek oer de plannen foar it oankommende winterskoft wurdt praat.

Oan it boek oer hjoeddeiske Fryske krite en krite dy't der west ha, rûnom op 'e wrâld, *'Friezen yn 'e Frjemdte'*, wurdt ek noch efkes oandacht bestege. De presintaasje sil no wêze yn de 'Moanne fan it Fryske Boek' op freed 30 septimber yn Tresoar yn Ljouwert yn oanwêzigheid fan de noadige Fryske pommeranten. Wy sille ôfwachtsje at it no slagget.

Grutte soargen ha alle fjouwer krite en dy net allinnich, oer it hurd tebekrinnen fan it tal leden. Haadoarsaak is it al mar âlder wurden fan de minsken is ús idee.

De kontribúsje is ek noch ûnderwerp fan petear. En dat komt mei troch in idee dat yn de krite fan Utert tapast is en mei ridlik súkses. It is yn Súdeast- Drinte oandroegen troch de famylje Middelveen-Bouma, dy't ek lid binne fan de krite yn Utert. It neifolgjende is de bedoeling:

De kontribúsje fan ús krite stiet fêst: € 10,-- foar 1 persoan, € 15,-- foar in pear. Mar as jo om hokker reden dan ek de Fryske krite nijsgjirrich fine fanwegen bygelyks de taal en it Fryskeigene, dan kinne jo wat mear oermeitsje, mar it hoecht fansels net.

It idee is besprutsen op ús Algemiene Ledegearkomste fan 28 april lêstline en is oannommen. Dat,wy sille ris sjen !

Takom jier is de Dielsgearkomste by de krite fan Assen op moandei 16 april 2012.

Hjirnei slút de foarsitter om fjouwer oere de gearkomste en winsket elkenien wol thús en oant sjen op de kritejûnen

Fimke v.d. Meulen.

Lok & Leed

Yn it kritebestjoer is praat oer it oanstellen fan in bestjoerslid 'Lok en Leed'.

De bedoeling derfan is om leden fan ús krite dy't in drege tiid trochmeitsje of wat te fieren ha en wol graach ris mei in oar kritelid prate wolle, dat trochjaan kinne oan it bestjoerslid 'Lok en Leed' en dy komt dan sels of soarget derfoar dat der immen fan it bestjoer komt om in bakje kofje/ tee en om in praatsje te meitsjen. It bestjoerslid 'Lok en Leed' is ús foarsitter, de hear Geecke Sybesma, tel. 0524- 552799.


Ta oantinken

† Op 18 febrewaris l.l. ferstoar ús lid Johanna de Haan - van der Heide fan Coevorden yn de âldens fan 86 jier.

† Op 19 maart l.l. ferstoar ús lid Annie Knol fan Coevorden yn de âldens fan 77 jier.

Us meilibjen giet nei de famylje.

De hin dy't net briede woe.



Myn frou hâldt hinnen. As hobby sis mar. Ik fyn it mar domme bisten. En fiis en ferfelend soms. Sa helje se de blommen út de bakken en se skite ek oeral. It hat mar ien foardiel: se lizze lekkere aaien. As se lizze, mar op 't heden kinne wy de aaien net op. Dat myn frou is der ek al mei oant suteljen.

Ik ha der al in soad drokte mei hân. Earst moast der in stikmannich jierren lyn in loop komme. Der kaam in lyts nachthokje yn dat wy fan de buorman krigen. Dat waard te lyts en foldie myn frou net, dat der moast in grutter hok komme. Dat ha ik ek boud. Wer hûndert euro nei de barebysjes. Mar goed, in hobby mei wat kostje.

Myn frou is der wat mei oan it fokken. Dat falt noch net ta. Ik tocht dat dat fansels gie, sa'n hin giet op de aaien sitten en dan komme der pykjes. Klear. Mar de praktyk is wat oars. As de aaien komme net út, de hin hâldt op mei brieden, de pykjes geane wer dea, der is altyd wol wat.

Mar no hie se betocht dat se de brotske hin fan de buorlju wol liene koe. Se hie aaien fan in oar soart hin by freonen helle en der moast buorman syn hin dan op briede. Dus op in jûn hellet se dat bist op en ja hear, de hin giet moai op de aaien sitten. De bedoeling wie de hinnen in skoftke net los te litten. Mar ja, ik moat moarns as myn frou nei har wurk giet - dy drokte ha ik der ek al mei - earst de hinnen iten jaan. En ik bin in pear dagen letter dy hiele hin fansels al wer fergetten.

Dat ik doch de doar fan it hinnehok iepen en fuort is de nije hin. Net te pakken, net te ferlieden mei foer, kaam net wer. Bleau ek net by de oare hinnen. Mar bleau wol yn de tún. Elke moarn rint er prús yn de foartún om, mar hy lit him (of moat ik sizze, se lit har) net fange. Myn frou besiket it mei fan alles, mar it bist lit him de frijheit net ôfnimme. De aaien binne fansels al lang kâld en wurde weismiten. Ik hie se leaver opiten.

Oerdeis fange slagget dus net. De buorman sil him wol fange seit er en sil jûns komme. Mar wêr sit sa'n hin. Wy sykje mei syn allen, it is al sawat tsjuster, en nei in hiel skoft wurdt de hin ûntdekt en pakt. De buorman nimt him mar wer mei nei syn hús. Wer gjin pykjes. En de oare hinnen fan ús wolle mar net briede. Of dochs wol, lang om let sil it wêze, der sit no krekt ien op wat aaien. Mar net steure, miskien wurdt it no úteinlik dochs noch wat. Wat in drokte kinne jo ha mei dy hinnen. Jou my mar in hûn, dy komt teminsten as jo him roppe. No ja, meastentiids dan.

SvdV

Douwe Egberts punten.

Leden fan de krite 'Us Memmetaal' fan Assen binne dwaande mei it ynsammeljen fan de hjirboppe neamde punten.



It giet om punten dy't de minsken sels net brûke om yn in Douwe Egberts winkel, û.o. op 'e Jouwer, mei koarting alderlei D-E artikels te keapjen.

Wy soene eins ek wol sa'n aksje starte wolle.

Dus achte leden, brûke jimme D-E-produkten en sparje de punten sels net,

dan soene jimme dy ynleverje kinne op ús kritejûnen, sadat wy dêr moaie prizen fan keapje kinne foar ús ferlottings. It sil ús benije !

AT

**Ferslach fan de Algemiene Ledegearkomste fan de Fryske krite
Súdeast- Drinte op tongersdei 28 april 2011 by Wielens yn
Noord- Sleen.**

1. Iepenjen. Foarsitter Geecke Sybesma iepenet de gearkomst mei in wurd fan wolkom. Hy dielt mei dat Fimke v.d. Meulen en Tjitske Middelveen behindere binne. Famylje Groenhof en Harm Klijsma komme wat letter. Mei it bestjoer meirekkene binne der 21 persoanen oanwêzich.

2. Ferslach fan de Algemiene Ledegearkomste fan 29 april 2010.

Der binne gjin fragen of opmerkings. Fimke wurdt betanke foar it gearstallen fan it ferslach.

3. Jierferslach 2010 – 2011.

De oanwêzigen begripe dat troch it âlder wurden fan de minsken en it feit dat de jongerein blykber net folle ynteresse hat foar in Fryske krite, it tal leden rap tebekrint en dêrtroch de finansjele sitewaasje minder wurdt, hoewol't dat dit jier tafalt.

Fan ús hûsduo "Bêst Genôch" ha wy wer in jier genietsje kinnen en wy hoopje op noch mear.

Roelie Tuiten hat ek dit jier wer twa kear de boeketafel fersoarge.

Greta Lammers en Fimke v.d. Meulen ha op twa kritejûnen in nijsgjirrige ferlotting op poaten set. Beide manlju en alle trije froulju wurde betanke en krije applaus.

4. Ferslach fan de rekkenopnimbers, de froulju Metje Groenhof en Tjitske Middelveen. Sy ha de boeken neisjoen en nei't de ponghâlders (Harm Klijsma hat as oankommend ponghâlder in jier meirûn) in pear fragen beändere ha, kinne se de hantekening sette. Metje hat it no twa kear dien en wurdt betanke. As nije rekkenopnimmer meldt âld- foarsitter fan de krite, Jannie v.d. Veen, har oan. Algemien reserve wurdt Henk Kloosterman. Metje wurdt betanke en krijt applaus.

5. Jierferslach fan de ponghâlder.

Nei't noch in pear fragen nei tefredenheid beäntwurde binne, wurdt de ponghâlder ûntlêstige.

Nei sa'n fyftjin jier ponghâlderskip stoppet Anne hjirmei en wurdt skriuwer fan de krite. De foarsitter tanket him foar syn krewearjen en hy kriget applaus fan de seal.

6. Feroaring kontribúsjebelied.

It foarstel fan it bestjoer om neist de kontribúsje fan € 10,-- foar ien persoan en € 15,-- foar in pear, in frijwillige ekstra bydrage te freegjen, wurdt oannommen.

7. Bestjoerswiksel.

Us ponghâlder Anne Tuiten is ôfgeand en makket de oerstap nei it skriuwerskip. Harm Klijnsmâ, dy't in jier meirûn hat, sil de nije ponghâlder wurde. It útstel fan it bestjoer om him te beneamen ta 1^e ponghâlder wurdt mei applaus beändere. De foarsitter winsket beide manlju súkses yn harren nije funksje.

8. Meidielings.

Anne docht ferslach fan de Dielsgearkomste yn Meppel fan 18 april, dêr't hy, Greta Lammers en Fimke v.d. Meulen hinne west ha.

Alderlei saken wurde besprutsen, sa as kontribúsje, ledetal, gearwurking en ervarings mei bygelyks artysten.

30 septimber 2011 sil it boek '*Friezen yn 'e Frjemdte'* presintearre wurde yn Tresoar yn Ljouwert.

It programma foar de earste helte fan it oankommende winterskoft:

- * 14 oktober Toanielploech "Us Nocht" út Drachten.
- * 4 novimber De '*Jan de Roas-sjongers'* út Nij- en Aldhoarne.
- * 5 jannewaris Nijjiersbesite mei stampotbuffet en eigen krêften.

9. **Omfreegjen.** Hjir wurdt gjin gebrûk fan makke.

10. **Sluten.** Om goed acht oere hinne slút de foarsitter de gearkomste.

Nei it kofjedrinken mei in lekker stik sûkerbôle mei boerebûter is it wurd oan de hear Wybren Landman, biolooch yn de dieretún yn Emmen. Hy komt oarspronklik fan Drachten en hat studearre yn Grins en is ôfstudearre op it ûnderwerp populaasjegenetika.

Hy komt tagelyk mei de flintertún en hat meiwurke dat projekt op te setten en letter yn te wurkjen.


Al as jonge hat hy ynteresse yn de fauna en dan spesjaal flinters. Dan hâldt hy al flinters op 'e sliepkeamer. Op dizze jûn fertoant hy prachtige plaatsjes fan flinters, mar ek fan de ûntwikkeling fan roep(ke), pop ta flinter en hy hâldt dêrby in nijsgjirrich ferhaal.



It twadde part fan syn presintaasje giet oer de dieretún yn it algemien en oer fokprogramma's en dêrtroch útwikseling fan dieren mei dieretunen rûnom yn Europa, ek wer mei moaie bylden Nei't er noch in pear fragen beäntwurde hat, hâldt er der foar dit kear mei op, mar wy hoopje

him yn de takomst nochris as ynlieder op in kritejûn te moetsjen. Foarsitter Sybesma tanket him foar syn boeiende presintaasje. Der is in slûfke en applaus foar him en blommen foar syn frou, dy't der ek is. Dêrnei winsket de foarsitter elkenien wol thús, oant sjen op 14 oktober by it toaniel fan 'Us Nocht' út Drachten en slút de gearkomste.

Greta Lammers/Anne Tuiten.



Friese-producten.nl

Online Friese kado's

Webwinkel met meer dan 250 Friese artikelen. Vandaag besteld, overmorgen in huis!

Kado's
Kalenders
Sleutelhangers
Wenskaarten
Shirts
Vlaggen • Stickers • Agenda's
Truien • Sokken • Handdoeken
Sjaals • Mutsen • Glazen
Mokken • Snoep en ...
nog véél meer!

www.friese-producten.nl

Pasjint

Stegeman sei dat er nei dokter west hie. Syn oardiel oer dy man wie net geunstich. In praatsjemakker. Doarst er dochts tsjin my te sizzen, jo moatte fjirtich pûn ôffalle. Ik sei, o ja ? Hoe soe 'k dat ha moatte ?



As it iten my lekker smakket kin 'k net foartidich op hâlde wol ? Dan soe 'k raar tsjin mysels stean. Foar in sûn minske is iterstiid it moaiste skoft fan 'e dei. Soenen jo my dêr yn bekrinke wolle ? Jo binne net sûn sei er, oars wienen jo hjir net. Jo binne te swier, op syn minst fjirtich pûn. Minder ite en drinke, der sit oars net op. Ik sei, is dat alles wat jo te sizzen ha ? Jo

binne by my in nuvere dokter. Midlikerwize moat in mins fan iten en drinken byinoar bliuwe en jo wolle it my ûntkeare ? Alle dagen is iten en drinken foar my in feest, dat doar ik te sizzen en dêr wolle jo it near op lizze ? As jo oars net witte, haw ik oan jo gjin boadskip mear. Ik ek net oan jo, sei er. Sa bin 'k by him weigien. Ik leau dat er liik wie.

Paulus Akkerman 1995

'It sil jin mar oerkomme'

Maart lêstlyn kaam der by de skriuwer fan de krite de neikommende brief binnen:

Myn namme is Romke Grijpstra en ik bin 69 jier.

Ik ha 40 jier by in fersekeringsmaatskippij yn Ljouwert wurke en dêr ha ik as letselskeabehanneler tûzenen foarfallen meimakke en behannele. Der wiene gefallen mei wat humor, mar der wie ek bedroch en der wiene ek saken by mei slimme gefolgen.

Dêr ha ik in boek oer skreaun, mei as titel: *'It sil jin mar oerkomme'*.

It binne 60 bjusterbaarlike ferhalen en it is yllustrearre mei 23 prachtige tekeningen fan keunstner Ronald de Haan út Koarnjum. It boek hat 251 siden en is útfierd op helder papier mei in oangenaam te lêzen letter.

It giet om de fiifde printinge en it is printe by Van der Eems yn Easterein. It kostet € 12,50 en de ferstjoerskosten nim ik foar myn rekken. Myn (ING)bankrekkennûmer is: 1380985.

Dit boek soe ik graach oanbefelje wolle oan de leden fan jim krite. It is noflik om te lêzen en is tige geskikt as kadootsje, mar fansels ek as fakânsjelektuer.

Oant no ta binne der sa'n 2700 eksimplaren ferkocht en ik ha goede reaksjes krigen.

Mocht der belangstelling wêze, dan kin it besteld wurde fia myn adres, myn tillefoannûmer of e- mail, wêrfan de bysûnderheden hjirûnder steane.

Ik sil it fansels tige op priis stelle. Alfêst myn tank.

Groetenis fan

Romke Grijpstra,
Op'e Terp 18,
9057 RG Jelsum,
Til. 058- 2572027,
e- mail: r.grijpstra@xs4all.nl

As jo ynteressearre binne, dan kinne jo it it maklikst sels bestelle.

'De nije Akke Radsma'

Freed 4 maart gean Hans en ik jûns om sân oere hinne fan hûs op wei nei Noord- Sleen, foar in foarstelling by de krite Súdeast- Drinte. Wy wenje yn Assen, binne dêr lid fan 'e krite, mar ek yn Súdeast- Drinte.

Op it programma stiet in optreden fan Anneke Leijendekker fan de Jouwer.

As wy de seal ynkomme stean de kofje/tee en in lekker stik oranjekoeke al klear.

Foar yn de seal spilet it duo 'Bêst Genôch'. Wy prate hjir en dêr wat en foar wy it yn 'e gaten ha is it acht oere en iepenet foarsitter Geecke Sybesma de jûn mei in wurd fan wolkom.

Dan sjonge wy earst noch in pear Fryske ferskes en dêrnei is de haadpersoan fan de jûn, nammentlik frou Leijendekker, oftewol 'Sijke út 'e Skipsleat' oan bar. Sy komt fan oarsprong út Frenstjer, mar wennet no al wer mear as fyftich jier op 'e Jouwer.

Sy spilet sketskes, lêst en draacht foar, fertelt ferhaaltsjes en je kinne wol sizze dat it measte troch harsels skreaun is.

In protte fan har teksten binne wier bard en it giet in soad oer it âlder wurden.

Yn ien fan de stikjes docht sy in hiel ferhaal oer dy foar froulju somtiden sa'n gefaarlike wrâld en dan blykt der yn de doppe fan har paraplu in skerpe spiker ferstoppe te sitten om har de oanfallers fan it liif te hâlden.

Tusken de stikjes troch fertelt sy lytse anekdoates út har jeugd.

'*Memmeskelk*' blykt it libbensferhaal te wêzen fan in frou. Sy hat dan in âlderwetske skelk foar, dy't sy krigen hat fan in frou, dy't wurket yn de Douwe Egbertswinkel yn de Midstrjitte op 'e Jouwer.

Ek nijsgjirrich is it ferhaal oer '*It Kantsje fan Antsje*'. It is in barren út har eigen jeugd, dat har wer yn 't sin komt, as sy op 'e rommelmerk sa'n molkkantsje keapet.

Sa'n kantsje hat har mem jûns altyd foar har op in ienpitspetroaljestel stean. As sy dan thúskomt lâns tsjustere wegen en har âlders al op bêd binne, dan sjocht sy fan fierren it ljochtsje al en dan is sy bliid dat sy wer thús is en dat sy noch in glês lekkere, waarme molke drinken kin.

Yn 't skoft de ferlotting. In slûf mei fiif nûmers foar € 2,50 en altyd priis. De slûven fleane fuort !



Nei it skoft docht sy gjin ferklaaide typkes mear, mar fertelt sy ferhaaltsjes. Nijsgjirrich is dat oer de slipover.

It giet oer in man dy't ferstoarn is. Syn frou hat syn measte klean nei de omlinwinkel brocht en is sels ferhuze nei in âldereinhûs.

Har plak yn 'e kofjekeamer is njonken in man en dy man hat wat bekends it is de slipover, kocht by de kringloop.

Hy hat 'm kocht om't er 'm sa moai fynt. De frou wurdt dêr hielendal bliid fan en achtet har tige lokkich mei dit foarteken. It liket in seintsje fan har ferstoarne man, dat sy der hjir mei dizze nije man it bêste fan meitsje moat.

Oan 'e ein fan 'e jûn binne der blommen en it applaus foar frou Leijendekker en winsket de foarsitter elkenien wol thús. Al mei al ha wy in tige gesellige jûn hân.

Metje Groenhof.

In liend bearenburchje

Yn in taal komme wurden foar dy't út in oare taal liend binne. Soms binne sokke lienwurden sa gewoan wurden dat je net iens mear sjogge dat it wurden út in oare taal binne.

Yn it nijste boek fan de Nederlânske taalkundige Nicoline van der Sijs, *'Nederlandse woorden wereldwijd'*, giet it oer de wurden dy't it Nederlânsk útliend hat oan oare talen.

Foar 138 talen hat se neigien hokker Nederlânske wurden yn dy talen opnommen binne.

'*Baas*' is it wurd dat it meast oan oare talen útliend is.

Van der Sijs konkludearret dat Nederlanners en Flamingen blykber graach oeral baasspylje of baasspilen- oan board fan skippen, op plantaazjes ensafuorhinne.

De hege frekwinsje fan '*baas*' hinget miskien ek gear mei it feit dat baas net allinnich in beropsoantsjutting is, mar ek in oansprekfoarm.

Oan it Frysk hat it Nederlânsk ek wurden ûntliend. Dat moat ek hast wol, want dêr't twa talen sa ticht neistinoar steane, hawwe se altyd ynfloed opinoar. Wy binne twatalich: Frysk en Nederlânsk hawwe jo en ik beide aardich yn 'e macht, dus oer en wer slûpt der wol ris in wurdje yn, as wy ien fan beide talen brûke.

Dêr komt by dat it Nederlânsk foaral de taal is fan bestjoer (de bazen!), ûnderwiis, media en tsjerke. Wurden dy't foar it earst yn it Nederlânsk brûkt wurde, nimme wy al gau oer.

Mei oare wurden: wy liene dy wurden fan ús buormanstaal. Tink dêrby oan '*avondmaal*', '*verwend*' en '*toetje*'.

Mar ek wurden dêr't wy net mear sa by stilstean dat se út it Nederlânsk komme, binne dochs lienwurden út dy taal: 'baas', 'gas', 'buis', 'krante'.

Soms passe wy lienwurden wat oan. In wurd as 'moederbedrijf' wurdt dan 'memmebedriuw' en 'schoonvader' sette wy oer ta 'skoanheit', mar it bliuwe ûntlienings.

Hat it Frysk ek wurden oan it Nederlânsk útliend? Yn in earder boek (het Leenwoordenboek, 2005) beskriuwt Nicoline van der Sijs de Fryske ynfloed op it Nederlânsk.

Dy ynfloed is net botte grut en ûnder oaren werom te finen yn foarnammen. Yn it Nederlânsk populêre Fryske nammen binne bygelyks Nynke, Femke, Sietse en Douwe.

Al langer lyn liende it Nederlânsk wurden as 'terp', 'krioelen', 'sjokken'.

Guon wurden foar skippen komme ek út it Frysk: 'tjalk' en 'tjotter'. It wurd skûtsje is liend, mar dan allinnich foar it Fryske platboaiem skipke (sels hat it Nederlânsk 'schuit' foar in wat lytser (fracht) skip). Guon sporten wurde yn it Nederlânsk ek mei in Frysk wurd neamd: 'fierljeppen' en 'sjoelen'.

En dan 'klunen' dat al yn 1941 yn in Nederlânsk krantesitaat neamd wurdt.

En 'bearenburch', ús Frysk nasjonaal slokje, dat se oer de Ofslútdyk ek wol drinke, hat it Nederlânsk dat ek fan it Frysk liend? Nee krekt oarsom, want de Amsterdamske krûdeman Hendrik Beerenburg levere yn de achttjinde ieu al krûden mei syn namme deroan ferbûn en yn de njoggentjinde ieu distillearjen Amsterdamske jenever - stokers in drankje mei beerenburgkrûden. Dat 'bearenburch' hjoed-de-dei mei Fryslân ferbûn wurdt, is foaral in tûke marketing trúk. Wy hawwe de bearenburch liend, mar jouwe him net werom !

"Wurden" troch Hindrik Sijens. Oernommen út it Friesch Dagblad.

Grapkes

Bûsjild Lytse Jan gûlt de hiele dei. Syn hamster is stoarn. Syn heit seit tsjin him: "Doe't dyn beppe stoarn is. hast dochs ek net gûld ? "

Lytse Jan seit, noch hielt yd gûlend: "Dy hie ik ek net fan myn eigen bûsjild betelle. "



Nij libben

Tsjibbe seit tsjin ien fan syn freonen: "Yn myn arbeidsoerienkomst stiet, dat ik it bedriuw nij libben yn blaze moat."

Syn freon freget: "En, bisto dêryn slagge? "

"Ja," seit Tsjibbe, "hiel goed sels. Fiif sekretaresses binne no al yn ferwachting."

In mûs

Twa freonen binne ûnderweis nei hûs ta. Se hawwe beide in goed stik yn 'e kraach. "Ik woe mar dat ik in mûs wie," seit de iene mei in slach yn 'e tonge.

"Wêrom soesto dat wolle ? " freget de oare mei in dûbele tonge.

"Omdat dat altiten it ienichste is, dêr 't myn frou bang foar is. "

Boppe sliepe

In frou, dy't al tsien bern hat, seit tsjin har man: "Sa, no is it moai genôch. Ik sliep tenei boppe." "No." sei har man , "as ik wit dat soks helpt, dan sliep ik tenei ek boppe."

Johannes Oegema

Frysk mei Hille



Yn elk kritekrantsje besprekt Hille fan de Afûk in Frysk wurd of wurden.

It wurd fan dizze kear = heal

As it heal kin (als het enigzins kan)

1. Voor de helft
2. Niet erg gezond
3. Niet de volle waarde hebben

Siswize:

heal om heal dwaan – op fifty-fifty basis doen, zo doen dat ieder de helft krijgt.

Sa kin in wurknimmer heal (3) wurk meitsje as hy heal (2) is en dan kin hy it bêste in heal (1) kopke tee drinke.

Friezen yn 'e frjemdte

Op 30 septimber 2011 freedtemiddei fan 14.30 oant ± 17.00 oere wurde de earste eksimplaren fan it boek '*Friezen yn 'e frjemdte*' oanbean oan deputearre Jannewietske de Vries en Rients Gratema yn de Gysbert Japicxseal fan Tresoar, Bûterhoeke 1 yn Ljouwert . Dit boek wurdt útjûn troch útjouwerij " Elikser" yn gearwurking mei it Frysk Boun om Utens.

Yn it programma fierder ûnder oaren:

in muzikaal optreden fan Grytsje Kingma en Rob du Jardin en yn gearwurking met it Frysk Filmargyf de presintaasje fan de DVD mei dêrop filmkes fan in Friezedei yn de tritiger jierren – in fideofilm fan in oare Friezedei en in fideopresintaasje fan foto's, makke by aktiviteiten fan It Boun.

Nije Fryske boeken

Mijn vrouw is uitgenaaid. Frisismen. Sammele troch Dieuwke van der Meer

In frisisme is in Frysk wurd / siswize, letterlik oerset nei it Nederlânsk. It falt foar in Fries altiten net mei om him goed yn it Nederlânsk te uterjen. Yn dit aardige boekje binne de moaiste en humoristyskste frisismen sammele. In twatal foarbylden:



"De kinderen zijn bedorven"

Nederlands: De kinderen zijn verwend

Frysk: De bern binne bedoarn



"Mijn vrouw is uitgenaaid"

Nederlands: Mijn vrouw is er vandoor

Frysk: Myn frou is útnaaid

it boekje hat 63 siden, útjouwerij Afûk Ljouwert priis € 4,95

Pake Sytse – Rink van der Velde

Dit is de bjusterbaarlike histoarje fan Sytse Cavalier, dy 't as jongkeardel samar ferdwûn. It ferhaal wurdt ferteld troch syn pakesizzer Jehannes. "*Pake wie jong weirekke, sa waard ús letter oansein. De rike Fryske taal stelde ús heit en mem yn steat om de wierheid efter te hâlden, sûnder dat men it ligen neame koe.*" Fjirtich jier letter is pake Sytse ynienen werom. Hy set him nei wenjen yn in âld wenskip yn it romme fjild fan De Deelen, tusken De Tynje en Aldeboarn. Dêr is er begûn en dêr wol er de ein besile. Dat soks hjoed de dei net mear kin, wol him mar min oan. As er foar it ferstân krijt dat er de slach ferlieze moat, docht er syn dingen.

Friese Pers boekerij, 8ste printinge , 215 siden priis € 18,50.

De man fan tolve heech – Hedzer T.Hooijnga

Al in kearmannich binne jonge bern lestich fallen yn 'e Ljouwerter Bosk. De ynwenners fan de wyk Bilgaard wurde ûnrêstich en easkje dieden fan de polysje. Dy ûntdekt dat in man yn syn flat deasketten is. In jonge fint dy 't yn it ferline ris in akkefysje mei bern hân hat, wurdt derop oansjoen. Sa te sjen twa saken dy 't neat mei-inoar te meitsjen ha. Mar dan wurdt troch deselde jongkeardel Jehannes Moolenaar deryn behelle, in earsten misdied-sjoernalist, dy 't him net ôfskypje lit. Troch gjinien.

Utjouwerij KFFB, 195 siden, priis € 16,= . As jo lid wurde fan de KFFB skilje dan mei Corry Rozendal 0519 321262 . Jo krije dan elts jier trije boeken foar mar € 9,= elts.

De SUC-Saak - Jan Schokker

Resjersjeur Ale Alema fan it polysjeburo fan it Hearrenfean sit wat yn in labile tiid. Wurk is der genôch om yn ûnder te dûken en miskien om wer wat hâldfêst te finen . Lykwols, tusken de drokke dagen sitte de swarte nachten en de flesse drank is op 'e taast wol te finen. Foar oerlis yn in saak oer stellen auto's komt Ale yn 'e kunde mei twa froulike kollega's . Petra Zeijlstra en Rykje Wybenga. Sy sitte yn it saneamd SUC-team. Geandewei it ûndersyk hat Ale it gefoel dat hy oan 'e sydline stiet en as in sike poedel efter de froulike kollega's oanrint. It is in mysterieuze saak dy 't net binnen teart, de SUC-unt yn. Kollega Wytse de Boer komt yn Brongergea foar in hiel oar fraachstik te stean. Fan wa binne de bonken fan dy 't boufakkers fine by in ferbouwing ? Alde bonkerakken of spilet der oars wat ? Dizze twadde Ale Alema bringt in soad spanning en ferdivedaasje . Jan Schokker is in boeiende ferteller mei in tige humoristyske styl.

Utjouwerij Elikser Ljouwert, 177 siden , priis € 17,=

Fryske skriuwers en skriuwsters

TRINUS RIEMERSMA,



Hy waard berne op 17 maaie 1938 yn Ferwert en stoar 15 maart 2011. Hy waard ûnderwizer en stie oan de kristlike legere skoalle fan Gau. Yn Gau krige er dien nei oanlieding fan de opskuor oer de seksuele passaazjes yn syn roman Minskrotten - Rotminsk en hy waard doe troch Josse de Haan nei de iepenbiere skoalle fan Hjerbeam helle. Ûnderwilens studearre er foar de M.U.B.- akte Frysk.

Yn 1979 helle er syn doktoraal Frysk.

Hy promovearre yn 1984 op in dissertaasje oer '*Proza van het platteland*'. Riemersma wurke, oant it ferdwinen fan de ôfdieling Frysk dêr, as wittenskiplik meiwurker oan de Frije Universiteit yn Amsterdam by Tony Feitsma.

Letter wie er dosint Frysk oan de Noardlike Hegeskoalle yn Ljouwert. Yn 1996 naam er ôfskie fan it ûnderwiis doe't longkanker by him fêststeld wie.

Trinus Riemersma stiet bekend as ien dy't tsjin de stream yn doart te swimmen.

Yn de jierren 60 en 70 wiene de tema's yn syn wurk faak kontroversjeel en it taalgebrûk yn syn romans wie fan in direktens dy't guon lju wreed fûnen. De staveringswiziging fan 1980 die him besluten om in eigen Fryske stavering te brûken.

Yn de jierren '80 hat er dochs mar de oerstap nei de offisjele stavering makke.

Trinus Riemersma krige twa kear de Gysbert Japicxpriis: Yn 1967 foar syn earste roman '*Fabryk*' en yn 1995 foar de roman '*De Reade Bwarre*'.

Foar syn ferhalen krige Riemersma seis kear de Rely Jorritsmapriis.

Yn 1970 wie Riemersma mei Teije Brattinga en Geart van der Zwaag oprjochter fan de Koöperative Utjouwerij dy't oant yn 2007 bestien hat.

Sûnt 2003 is Riemersma mei syn frou en kollegaskriuwer Josse de Haan dwaande foar útjouwerij Venus.

ROMANS:

- Fabryk (1964)
- By de hannen om't of (1965)
- Minskrotten – Rotminsken (1966)
- De moardner komt werom (1967 detektive)
- De hite simmer (1968)
- De mon sûnder gesicht (1973, detektive)
- Jest yn 'e Ardinnen (1974)
- Myksomatoze (1974)
- De reade bwarre (1984)
- Bretangne Libre! (1998, novelle)
- Nei de klap (1999)
- Sinleas geweld (2000)
- Tinzen oer it Libben en de Dea (2001, ûnder pseudonym: Jelke Bos)

Fierder skreau Riemersma ferhalebondels, gedichten en kolloms.

Roelie Tuiten

Pipermunt tsjin pine yn 't liif

Wa't pine yn 't liif hat, hoecht net fuort oan 'e medisinen. In pipermuntsje kin like goed wurkje. Dat hawwe Australyske wittenskippers ûntdutsen. It docht bliken dat pipermunt in effektyf



middel is om de gefoelige terms ta rêst te bringen. Minsken dy 't oanhelle binne mei it prikelbereterm - syndroom kinne ek baat hawwe fan pipermunt. Neffens ûndersiker Stuart Brierley fan de universiteit fan Adelaide, ien fan 'e ûntdekkers skriuwe natoergenêzers al hiel lang

pipermunt foar as minsken lêst fan 'e mage hawwe. Hoe 't it kin dat it helpt, is no ek bekend. It snobbersguod befettet de stoffen mentol en isiline. Dy twa stoffen soargje foar de oanmaak fan in aaiwyt dat de pynsenuwen yn 'e terms minder aktyf makket. Dêrtroch fielt de lijer minder pine.

Heamoanne

*Blanke seilen op 'e marren,
Rûkend hea yn swee op 't lân;
Seinehotsjen, ljurkjesangen,
Blauwe himel, sinnebrân;
't Swiere fee yn griene greiden,
Swiet gerûs troch hege reiden,
Bûgjende ieren yn 'e bou -
Heitelân, hoe moai bisto*

Piter Jelles Troelstra (1860-1930)



Fryslân



Fryslân

Wolken

Wyn

Wetter

der is gjin better

Hâns Weijer

Altyd al witen

Tiid is einleas
foar wa't gâns hat
Tiid is sûnder genede
foar wa 't libbe hat

Tiid dy 't ferflein is
skriuwt skiednis
en docht, nei 't wy witte,
in minske rêd ferjitten

It tiidrek is ôfmjitten
Tiid giet en slyt en
slyt in gat yn al wat libbet
Dochs is it tiid dy hielet
at skeelt: sa fielt it.

Gauke Jansma

Bestjoer fan de Krite

foarsitter	Dhr. Drs. G.Sybesma, Kieftenweg 27, 7751 DB Dalen. Tel. 0524 55 27 99
2^e foarsitter	Mefr. G.Lammers, de Woerd 9, 7824 RA Emmen. Tel. 0591 61 03 72 e-mail: gretalammers@hotmail.com
ponghâlder	Dhr. H.B.Klijnsma, Kerkstraat 6, 7854 PG Aalden. Tel. 0591 62 54 03 e-mail: harm@klynsma.nl
2^e ponghâlder	Mefr. F van der Meulen, Burg.Fonteinstraat 39, 7751 CB Dalen. Tel. 0524 55 18 79
skriuwer	dhr. A.Tuiten, Palmanovastraat 23, 7742 CC Coevorden. Tel. 052451 37 83 e-mail: anneroelietuiten@planet.nl
2^e skriuwer	Dhr. A.Biesma, Klepel 332, 7811 KX Emmen. Tel 0591 55 26 28 e-mail: biesma.onne@hetnet.nl
Gastfrou	Mefr. J. van der Veen, Holtlaan 85 7824 SC Emmen. Tel 0591 62 43 57
Ledeadministraasje	Dhr. H.Kloosterman, Laan vd Iemenhees 474 7823 JV Emmen. Tel 0591 62 65 92 e-mail: kloosterman.h@xs4all.nl
Boekferkeap:	Mefr. R.Tuiten, Palmanovastraat 23 7742 CC Coevorden

Kosten lidmaatskip: (2010-2011) € 10,= de persoan of € 15,= it pear
Postbankrekening 2352578 t.n.v Fryske Krite Súdeast Drinte Coevorden

Redaksje fan it krantsje :

korreksjewurk : Anne Tuiten
typewurk en layout: Henk.Kloosterman.

**Kopij foar it folgjende nûmer graach by de redaksje
foar 1 septimber 2011**

